



Aan de gemeenteraad

Registratienummer: GF09.20046

Datum: 12 maaie 2009

Agendapunt: 13

Portefeuillehouder:
mevrouw

Behandelend ambtenaar:
de heer H. Laanstra

Telefoonnummer: 61

Onderwerp:

Voorstel:

De oardening Frysk yn it skriftlik ferkear fêststelle

Motivering:

Yn 2006 binne de útgongspunten foar de Fryske taal yn ús gemeente fêststeld. De gemeenteried hat doe it foarnimmen útsprutsen om yn de gemeente Hearrenfean in taaloardening fêst te stellen. Yn dit útstel wurdt sa'n taaloardening yn konsept ta fêststelling oanrikt. Dat der ferlet is fan sa'n taaloardening hinget gear mei it folgjende.

De wetlike posysje fan it Frysk yn it ferkear tusken boarger en oerheid en tusken oerheden ûnderling is sûnt in oantal jierren formalisearre yn de Algemene wet bestuursrecht (Awb). Yn de Awb binne regels opnommen foar it mûnling en it skriftlik brûken fan it Frysk. It brûken fan it Frysk yn it mûnling ferkear is yn de Awb sels regele. Oer it brûken fan it Frysk yn it skriftlik ferkear is de Awb minder útsprutsen. De wet seit dat de bestjoersorganen dêr sels regels oer opstelle kinne. Feitlik komt it der op del dat foar it skriftlik brûken fan it Frysk yn de deistige praktyk in oardening ferge wurdt.

It belang fan sa'n taaloardening is dêrom yn it foarste plak dat it de gemeente en de boarger de wissichheid jout dat der yn de beide rykstalen (Nederlânsk en Frysk) kommunisearre wurde kin. It rjocht om dy beide talen te brûken stiet bûten kiif, it is ûnder oare opnommen yn it Europeesk Hânfêst foar regionale- en minderheidstalen en yn de Awb. Sa stiet bygelyks yn artikel 2.7 lid 1 fan de Awb dat 'Een ieder kan de Friese taal gebruiken in het verkeer met bestuursorganen, voor zover deze in de provincie Fryslân zijn gevestigd'. En artikel 2.9 fan de Awb stelt dat de yn de provinsje Fryslân festige oerheidsorganen eksplisyt regels stelle kinne foar it brûken fan de Fryske taal yn skriftlike stikken.

Yn it Europeesk Hânfêst, dat troch de Nederlânske steat ratifisearre is yn 1996, yn wurking steld is op 1 maart 1998 en ûnder oare op it Frysk fan tapassing is, stiet by it kopke 'Administrative autoriteiten en publike tsjinstferliening' ûnder oare it folgjende:

Kêst 10, lid 1, a (v): De oerheden ûndernimme aksje om derfoar te soargjen dat brûkers fan de minderheidstalen dokuminten stjoere kinne yn har eigen taal;

Kêst 10, lid 1, c: It wurdt de oerheden mooglik makke om dokuminten yn de oanbelangjende minderheidstalen op te stellen;

Kêst 10, lid 2, a: De ryksoerheid stimulearret it brûken fan de minderheidstaal by de regionale en lokale oerheden;

Kêst 10, lid 2, b: de mooglikheid foar brûkers fan de regionale talen om sawol mûnling as skriftlik yn kontakt te stean yn har eigen taal by de oerheden (oanfragen, brieven);

Kêst 10, lid 2, d: de mooglikheid fan publikaasje troch de lokale/gemeentlike autoriteiten fan har offisjele dokuminten ek yn de regionale- of minderheidstaal;

Kêst 10, lid 2, f: de mooglikheid fan it brûken troch de lokale/gemeentlike autoriteiten fan de minderheidstaal yn debatten yn har gearkomsten, lykwols sûnder dat de steatstaal útsluten wurdt;

Kêst 10, lid 4, a: Mei it each op it yn wurking setten fan de saken neamd ûnder lid 1, 2 en 3, sille de partijen de folgjende maatregels nimme: oersetting of foardracht as dat nedich is.

Yn in taaloardening kin omskreaun wurde hoe't yn beskate situaasjes hannele wurde kin, sadat misferstannen tefoaren kommen wurde kinne. De provinsje Fryslân, dy't as earstferantwurdlik beskôge wurdt foar de Fryske taal, trunet der op oan dat de gemeenten yn Fryslân in taaloardening fêststelle. Yn ús gemeente hat dat dus noch net it gefal west. De konsept-oardening dy't wy jimme rie hjirby ta fêststelling foarlizze, giet út fan in model-oardening Frysk yn it skriftlike ferkear dy't troch de provinsje opsteld is. Yn de taaloardening sels en yn de taljochting op de oardening per artikel stiet mear ynformaasje oer it hoe en het fan de oardening. Wol neame wy noch twa spesifike aspekten dêr't yn dizze op de Hearrenfeanske situaasje ôfstimme oardening foar keazen is.

Yn it foarste plak hannellet him dat om in wichtich útgongspunt yn de oardening, nammentlik de kar dy't makke wurde moat tusken twataligens en dûbeltaligens. Under twataligens wurdt ferstien dat per gefal in kar makke wurdt in stik yn it Nederlânsk of yn it Frysk te skriuwen. Utgongspunt is dat it stik yn it Nederlânsk skreaun wurdt. As it stik ek yn it Frysk skreaun wurde moat, dan sil dêr apart in beslút oer nommen wurde moatte. Dêrneist wurde Fryske brieven yn it Frysk beändere. Dat hinget gear mei it taalfolgjende belied fan de gemeente.

It is ek mooglik en meitsje de kar foar dûbeltaligens. Alle stikken ferskine dan yn it Frysk en yn it Nederlânsk. De provinsje sels en ek de measte gemeenten yn Fryslân dy't al in taaloardening fêststeld hawwe, geane út fan it prinsipe fan twataligens. Dat hat dan wol as konsekwinsje dat der in oersettingsregeling fêststeld wurde moat. Dy oersettingsregeling hâldt yn dat as in stik yn it Frysk opsteld is, dêrfan op fersyk in oersetting yn it Nederlânsk oerlange wurdt. It is mooglik dêrfoar in fergoeding te freegjen oan de hân fan de leezjesoardening. Yn de Hearrenfeanske oardening wurdt derfoar keazen hjir gjin fergoeding foar te freegjen. Wat de finânsjes oangiet hawwe wy fan oare gemeenten net fernommen dat mei it oannimmen fan sa'n oardening de kosten foar de gemeente sterk omheech gear.

Ta beslút merke wy noch op dat de betsjutting fan dizze oardening wol yn de jûste ferhâldings sjoen wurde moat. Sa'n regeling skept yn prinsipe allinnich de betingsten dêr't in stik ûnder yn it Frysk skreaun wurde kin. De regeling seit op himsels neat oer hoe faak dat ek dien wurde sil.

Ter inzage liggende stukken:

- Kolleezjebeslút fan 2 desimber 2008
- Kolleezjebeslút
- Model-oardening fan de provinsje Fryslân
- Tekst wizegingswet fan de Awb fan 4 maaie 1995
-

Het college van burgemeester en wethouders van Heerenveen,
de secretaris,

de burgemeester,